

't Lijen scil jo minder pleagje
As de hope-sinne skynt,
Libje op hope, hwet ek wike,
As de hoop mar net fordwynt.

„Wêz net moedleas”, rêteleas Christen ;
Hâld de himmelrêst yn 't each,
Tink oan de ûnfolprezen glory
Fen de himmelstêd omheach ;
Der gjin sûnde, der gjin smerte ;
Der riiz't ivich 't lofliet op,
Klinke himmelharpakkoarden,
Boppe berch- en heuveltop.

„Wêz net moedleas”, ljeavjend Christen,
Gods genade is ljeafde groun ;
Jezus, o jo witte it, mint jo,
Skoan Hy jo yn opstân foun ;
Drink mar út Syn ljeafdestreammen,
Jezus ljeafde is great en tear ;
Mint natuer allinne 't ljeave,
Syn gena mint folle mear.

Christen, gean dan troch genade
Lâns it paed, fol blide moed,
Wird net moeilik, lit 't herte
Wêze fol fen hill'ge gloed !
Sjuch op Christus en syn foarbyld,
Folgje Him op elke wei ;
Det jou wirden en jou dieden
Ta Syn eare wêze mei !

Gaest, 31 Maart 1911

H. VAN DIJK.

Eare oan 'e Frouljue !

Nei Schiller.

Eare oan 'e frouljue ! Hja frisslje, hja spriede
Himmelske roazen yn 't libben op ierde,
Wine om ús herten de nochtfolste bân ;
O, 'k mei de himmel op ierde bisitte :

't Goudene lok strielt út ljeafde ús tomjitte,
Sêft is de krêft fen hjar troaijende hân !

'k Doarme yn 'e wrâld om, mei langstme yn [myн herte,
'k Woe mei de greatens myn sinnen forsette
Mar 'k bleau forwêzen, sa kâld as in stien ;
'k Foun do in famke, my wûnder bisibbe,
Sont hie 'k in doel, dêr 'k for skripte, for libbe,
Siikjen en longrjen en leedzjen is dien.

Blier as in lamke, det hipt oer 'e finne,
Swiet as it ljocht fen 'e maeimoanne-sinne
Is my myn ljeafste, sa boartlik en blij ;
O, út hjar mûltsje, hwet himmelske klanken,
O, út hjar eachjes, hwet minlike fonken !
't Eabele sieltsje fielt ienlik for my !

God yn 'e himmel, myn tankliet moat rize,
Ljeafde, jins jefte is my mear as de spize,
Bringt, mear as 't goud, my de lokkigens oan !
Jimmer myn famke, myn douke op 'e side
Is my trochnoflik, oerhearlik, ynblide,
God fol fen ljeafde, Jy meitsje it sa skoan !

A. M. WYBENGA.

Lollum.

Doarpke, mei dyn lytse tsjerkjes
Delsaeid mids yn 't Fryske lân,
Mei dyn toerke tsjin 'e loft oan,
't Wie yn dy my alear sa skoan !

Doarpke, nei dyn griene greiden,
Nei dyn sleatten en dyn feart,
Nei dyn mounltsjes dy dêr mealle
Is myn langstme faken great.

Ut Noard-Brabân hiel fendenne
Wij ik dy myn ynlik liet ;

Tink ik oan dy noflike ûrkes,
Swieter as de hunich swiet.

Urkes, dy 't yn letter stounen
— Hwent de tiid is rēd forflein —
Faeken om my hinne waerje,
Al binn' jierren sont fortein.

'k Seach dy as it ljeave sintsje,
't Earste moarnrea struide oer 't lân,
Ef as oer de terp, de dykjes
't Jounrea lei de dei oan bân.

Jinsen kijkes yn 'e finne,
By it hûske yn 't beammeskaed ;
Hjir ús tsjep, ienfâldich tsjerkje,
Fjirderop de feart en 't paed.

'k Seach dy as it nachtlik tsjuster
Oer dyn stille fjilden laei
En de stjerkes helder fikkren ;
't Sillich ûrke gyng my nei.

'k Seach dy, as de touwerfleagen
Winters stoarmen oer it lân,
En wy troch de keale hagen
Seagen op it tsjerkhôf oan.

'k Stie dêr den yn djippe tinzen,
'k Tocht dêr by dyn deaden nei,
Oer it hearlik moarntiidsgloeijen
Det hjar ienkear barre mei.

Det ek hjir den ienkear glânsget,
Ienkear glânsget by it liet
Det Gods ingels sjonge scille,
As it grêf hjar iepengiet.

'k Seach dyn drôgjend-freedge lânnen,
Nei de winterhearskippij
Troch it libbenjaende sinn'ljocht
Ut 'e deasliep wekke op mij.

'k Seach det alles by elkoarren
Dêr 't it sintsje it ljocht oer geat,
En ik útre : greate Skepper,
By Jins wirkjen hellet neat.

Djûrljeaf doarpke, griene greiden,
Mei dyn minsken gol en blier,
'k Woe, as wie 't mar for in toarntsje,
Det 'k wer yn dyn krite wier.

IN ALD LOLLUMER.

De Hamiltons of De hierlokke fen Maria Stuart.

nei Theodor Fontane.

Lord William laei op syn stjerbed
Lord William Hamilton,
Hy spriek tsjin syn soan yn syn uteurst :
„Ien wirmsje ta ôfskie, Sir John !

„Ik lit dy myn hûs en myn goed nei
Us namme en ús fierspraette rom,
Mar heger skat ek, dizze lokke
Myn ynljeaf, myn djûr heilichdom.

„Ik seach dizze lokke delwyndrjen
Ho kriesde de skirre me yn 't ear !
Do d' eale Maria séft bidde
Kleau séft ek myn bea nei de Hear.

„Do haw ik yn stillens dit wird sein :
Yn lijen en freugd gietstû mei
Ik draech dy by jubel en triennen
Oan 't boarst my sa ynlike nei.

„Ik haw ûnder triennen hjar droegen
Ik skied yn 'e dea earst derfen ;

To libjen en stjerren for Stuart
Det wêze ek libben, Sir John!"

Lord William hie syn wird lústre
Sir John naem it op yn syn hert
Earst birch er wémoedich de lokke
Do gûlde er yn stillens fen smert.

En tweintich jier droech er de lokke,
Do briek ek syn skiedingsûre oan,
En rikte er mei heite lést' sizzen
It heilige hier oan syn soan.

De soan ek droech deun oan it boarst hjar,
Ek 't bernsbern yn noct, leed en drok
Hjar erve wie trou oan de Stuarts
De lokke brocht heil hjar en lok.

En wylst op it blinkende hynsder
Jakobus nei Londen ta ried,
En do 't Kening Karel op 't heislik'
Op 't swarte skavot 't libben liet,

En do 't oan de swetten der Boyne
"For Stuart!" it striidgerop klonk,
De Hamiltons bleauwnen de trouwen
Al wie 't det de dea ek hjar' wonk.

En ek op it fjild fen Culloden
Wiern' hja, do 't hjar glinsterjend each
De stikelbanier, de biminde
Noch ienkear heech wapperjen seach.

Wer wie 't dêr in Lord William
En noch mar in bern wie Sir John,
Mar 't bern focht sa f'leindich as d' âlde
't Echt bloed makke it feintsje ta man.

En heech swaeide d' âlde syn striidris,—
De fijan yn 't bloedrich sân biet,—
Oant in Ingelske kûgel mei spaesje
De strider fen hynsder ófsmiet.

Hy joech oan syn soan yn syn tomljen
De lokke trochlitzen fen bloed
Hy hie gjin mear krêft hwet to sizzen,
Mar stammre: „biwarje hjar goed!"

Hy hâldde it djûr erfstik fen d' âlden
Fêstklamme oan syn hert man nich jier,
't Jongfeintsje waerd âlder en âlder
Mar 't herte bleau trou lyk as 't wier.

En do 't op it ein fen syn libben
De siken hast gyngen him ôf
't Birjucht kaem: yn 't Suden fier brocht men
De lêste der Stuarts to hôf, —

Do spriek er, bilitzen fen 't oantlit
En rikte de lokke oan syn soan:
"De Stuarts binne úststoarn, — ús trou net
Dér kinne hja jimmer op oan."

Sa bleauwnen de Hamiltons hâlden
Troch d' ieuwen hjar fierspraette rom
Mar ien ding giet hjarren boppe alles:
De lokke is hjar djûr heilichdom.

A. WYBENGA.

Psalm XXXVIII.

Heare! Kenner fen myn wegen
'k Freege om segen
Straf my yn Jins likens net
Lit my witte det myn lijen
Jou kastijen
Inkeld ta myn heil my met.

Hwent Jou hân skeat djippe smerte
Yn myn herte,
'k Bin trochwoune yn flêsk en bien:
Jy haw 't leed al lange riten
Op my smiten,
Al myn leaën lizz' fen-ien.

Yn myn flësk is neat det soun is
 Det forboun is,
 Hwent Jins grime hat my slein ;
 Om myn kwea det my skânsearet,
 Jo faksearet
 Wirde ik djip yn 't lijjen lein.

'k Mis om d' ûngerjuchtichheden
 Rêst en frede ;
 't Kweade fierd de hearskippij,
 'k Fiel 'tas 't mounlestiennen wagen,
 Net to dragen
 Fâlt de lêst der sünden my.

'k Bin alhiel fen 't leed forbûke,
 Kwealik rûke
 My myn wounen en myn sear
 Om myn sünden bin 'k forbritsen
 En trochstitsen,
 't Is my om myn dwazens near.

'k Moat alhiel nei d' ierde nige
 Delbûgd tige
 Gean ik treurich al den dei,
 Tsjuster flues lûkt foar myn eagen,
 En Jou pleagen
 Namen al myn sounens wei.

Neat det my yn 't leed forséfte :
 Al myn krêften
 Binn' togrúzle my ûntflein,
 'k Gûl om 't flymjen fen de smerte
 Yn myn herte,
 'k Wird troch slimme ellinden slein.
 Hwent myn lenden binne ûntstitsen
 'k Biu bilitsen,
 't Oantlit is my bleek en hol
 'k Fiel de skerpe toarnen stykjen,
 't Flësk my prykjen,
 'k Bin yn lijjen en forfâl.
 Heare, sels yn al myn pinen
 En forkwinen,

Sjuch ik longrjend nei Jo út.
 Né, Jy scil my net forgitte,
 'k Mei dit witte :
 Wûnder is Jou wiis bislút.

Slim ho 't my de holle gûnzet,
 't Herte bûnzet,
 Al myn krêft hat hjar bijown,
 Tsjuster is 't my, d' eagen binne
 Wei fen triennen,
 'k Diigrje riedleas nei de groun.

Dy alear myn frjeonen wiernen,
 Ljeaf my hienen,
 Haw 'k by al myn leed forlern,
 Dy 't my nei binn', stean fen fierren,
 Nei myn bljirren,
 Nei myn lêst en ûnk to sjen.

Hja dy 't yvrje yn boaze stikken
 Lizze strikken
 Winskje alhiel my út 'e wei,
 Hja binn' liep om my to kranken
 Hjar bitinken
 Is ûndoag'nens hiel de dei.

Lykwols 'k bin as ien to hôve
 As in dôve
 'k Jow hjar wirden oan 'e wyn
 En myn lippen binn' forstomme
 Noait net komme
 Reden tsjin hjar húnjen yn.

'k Scil net mear fen hjar fornemme
 Lit hjar stimme
 Boldrje, 't let me yn 't minste net,
 'k Wit myselme to bidimmen
 'k Bin as immen
 Dy 't yn 't minst nin spritsel heart.
 Hwent o God, Jo bring ik d' eare
 Hwent o Heare,
 'k Hoopje op Jo yn al myn need,
 Jy scil, mei 'k hjir úttard lizze

Andert sizze
My forbliidzje nei al 't leed.

'k Sei : lit hja hjar net forbliidzje ;
Hja forbiidzje
Jimmer det ik fâlle scil.
As ik wankle scoe hjar tonge
Júchjend sjonge
Dêrom bliuw 'k yn 't lijen stil.

Hwent myn lichem is forroppe
En forsloppe
Is myn foet fen pleach by pleach,
En de flymkjend fûle smerte
Fen myn herte
Nitelt me en bilûkt myn each.

'k Wol myn sünden, dy Jo tergje
Net forbergje,
Heare ! 't parset my op 't moed :
Oer myn ûngerjuchtichheden
Haw 'k ûnfrede,
Oer myn kweadwaen bin 'k yn noed

Mar myn fijân sjuch ik dijen
Romte krijen,
Libjen yn in hegen steat ;
'k Sjuch dy 't my mei ûnrjucht snije
Noait yn 't lijen ;
Dy 't my haetsje wirde great.

En dy kwea foar goed tatelle
Rache en skelle
Slagge my safolle as 't kin,
Fordet ik nei 't goede stribje
For God libje
Steane my dy boazen tsjin.

Heare ! wol my net forjitte
Net forlitte
Wêze jimmer my neiby
Greate Hearsker fen Hjirboppe
Hear myn roppen
Hâld Jo dôchs net fier fen my.

God ! alle eigen stipen wike,
'k Moat biswike ;
O, forsmyt my langer net !
Help my, Oppermachtich Heare,
Ut al 't neare
En forhear myn smeekgebet.

A. WYBENGA.

Swiet en sûr fen twa stûdzjejierren.

Harke koe skoan leare. Hy wie op ien nei de jongste út in keppel fen tsien bern. Master hie tige mei him op, en it barde wolris, do 't hy noch mar sa'n foege beuker wie, det er fen 't plak roppen waerd om de iene ef oare fraech to biantwirdzjen, dy 't de greate jonges oer 'e meuch gyng. Meastentiids wist Harke it goede biskie to jaen, en den wie in plomke fen master it lean. It hoecht yen gjin niget to dwaen, det it baeske op sa'n wysoansje in kromke heech by himsels bigoun op to sjen, en master wie dêrynen net sûnder skuld. Lykwols, Harke krite thús mei de oare bern in Kristelike opfieding, en it waerd him wol foarhâlden, om lyts yn eigen eagen to bliuwen. Det wie in greate segen for him, lyk it jimmer in foarrjucht is, det de berntsjes great brocht wirde yn in hûsgesin, dêr men mei de Bibel rekent.

Harke âlders hearden aan de greate tsjerke, en wierne fen bigjinsels wege dêr ek altyd by bleaun, howol it preekjen to-harres wol hwet flau en maklik wie. Forskate minsken koene it den ek net goed krije, det de âlde ljue net ta de Skieding oergyngen. 't Foel wol ris foar, det immen de âld-man frege, ho't er it Sneins ûnder sok preekjen yette goed meitsje koe, en den wie 't andert : „Ho scoe det west ha mei Jezus, as Hy sa trou nei de synagoge gouding op de Sabbat ? My tinkt dy útlizzing fen de wet en de profeten scil wol faken hwet to winskjen oerlitten hawwe. Yn elts gefal wirdt ús hjir nea hwet yn 'e tsjerke leard, det mei de Bibel yn striid is. Wie dêt sa, dan stie de saek oars. Jimme fiele den fêst ek neat for it gemien-skiplik gebed en sjongen ?“ Dêr waerd meast net folle op weromsein.

liede ek oer dea en grêf hinne. Hy is dochs it ljocht fen 'e wrâld en dy 't him folget scil yn 'e tsjusternis net wandalje, mar scil it libbensljocht hawwe, seit de Skrift.“

Do 't de dyakens, nei tsjerke, jildtelle scoenen founen hja yn it ponkje in briefke fen hondert goune for 'e earmen en twa bankjes fen fiif en tweintich for 'e Sneins-skoalle. Nijjiersmoarn wier Watse mei syn wiif wer onder 'e preek. Hy woe it nijjier foart oars bigjinne. Hy seach nou klear yn det snoade ljue dochs sonder Jezus mar earm binne en hja de rykdom fen Christus krekt sa goed kenne moatte as de alderienfâldichste. Wyls er by it nei hûs gean dit oertocht, seach er dat Jan noch in bytsje oan 'e skonk loek. Dat bigreate him sadanich, dat it moed him fol waerd. — „Jan“, sei er, „spyt it dy net tige jonge, datstu in bytsje kreupel rinne moast?“ — „Jawol, heit“, andere Jan, „mar hawar! dat is net sa slim. Ik scil er my dochs lykswol mei rôdde kinne. Ik hie ek ljeaver heit, dat myn skonk net britsen wier, mar master hat ús forhelle, dat fader Jakob syn hele libben danich kreupel roun, mar dat dit dochs for him ta in segen wier. Hy hie it kriegen, do 't de ingel mei him wraksele yn 'e nacht. As de hynders hwet to folle en to hird yn 't lân om-fleane krije hja ommers in bongel oan? Müglik is 't for in minske ek wol goed, heit! dat er in bytsje tobek hâlden wirdt. It wier for my dochs mar moai, dat ik mei nei 't krystfeest gean koe.“ — „Ja, sa is it Jan“, sei heit, „en de triennen stiene him yn 'e eagen, hwent hy hie mei syn jonge to dwaen, efskien hy by himsels tocht: for my wier it wis goed. „Derby“, sa liet er dérop folgje, „for my wier it net allinne in moai krystfeest, mar ek in hearlik feest fen segen en gelok. Ik haw nou hwet foun, dat ek oars müglik noait foun hie. De britsen foet bisoarge my, onder heger hân, in britsen herte, mar ek in skoan bigjin fen in mij libben.“

J. FEN DONIA.

Psalm XCVIII.

Sjong nou in treftich liet ús Heare,
In nije sang, rûzje oer ús lân;

Bring God de Heilge, lof en eare
 For 't wûndre wirkjen fen Syn hân.
 Hy docht Syn heil oan elk to witten,
 Gerjuchtigens blinkt de ierde yn 't roun ;
 Hy stjûrde ús ginsten boppe mijte
 Hy hat ús romme segen jown.

Hy tocht yn Syn genade oan 't goede
 Oer Isrels hûs fen âlds foarsein ;
 Der ierde hernen bliid to moede
 Steane oer Syn wûnder heil forslein ;
 Sjong Goades lof mei herte en tonge
 En gei it fen forhúginge út,
 Wol ierdryk, fol fen bliidskip sjonge
 For Him, Dy 't dy mei ginst omslút.

Lit by jimm' harpe psalmen klinke
 Bring d' Opperheare lof en tank,
 Wol 't moaiste liet for Him bitinke,
 En spylje it mei bazuneklank !
 Lit Goades hûs fen freugde rûzje
 For Him, Dy 't der syn wenplak hâldt,
 Lit nou de sé mei follens brûzje,
 Ja, jûch fen bliidskip, hiel de wrâld !

Lit al de streamen God forearje
 Spring bergen op foar 's Hearen each !
 Lit ider dal Gods macht forklearje ;
 Hy komt, dy 't aller dwaen trochseach.
 Hy komt en scil dizze ierde rjuchtsje
 De Hear, dy 't súvre wierheit seit,
 Scil hearlik rjucht elk skeel bisljuchtsje,
 En liedt elk folk yn binlichkeit.

A. WYBENGA.

Johannes de Doper.

Yn 'e krêften fen Elias
 Mei Elias geast bidield,

Wylst er 't klopjend herte baernend
 For de tsjinst Jehova's fielt,
 Stiet yn 't gleon, toskroeid woastynsân
 Sacharias greate soan,
 En syn stimme seit it Boungfolk
 't Glansryk kommend' wûnder oan :

„Alle dalen werde folle,
 Alle bergen fâlle wei,
 Krûme wegen werde rjuchtlein
 Hwent Gods Keninkryk is nei.
 Ider skepsel scil Gods greatens
 Scil Syn sterkeens eare dwaen ;
 Fier oer 't ierdryk scil Gods skynsel
 Ljocht yn tsjustre herten jaen.

„Folk fen Isrel, 's Hearen erfskip !
 Bliuw' net dodzjend op jimm sté ;
 Op ! ûntweits út sliep en drôge,
 Meitsje 's Hearen paden ré ;
 Hy, Dy 't jim fen âlds ôf laette
 Bliuwt Syn djûr ûnthijitten trou ;
 Bring jimm' hert Him, bring Him fruchten
 Fen bikearing en birou.

„Lit it kweade en kweadwaen slûpe
 Siikje it heegre, o Isrels team !
 'k Sjuch de bile al hotte lizzen
 Oan de woartel fen 'e beam :
 Elke beam, dy 't kweade frucht draecht
 Wirdt omkappe en wijd oan 't fjûr ;
 't Skynmoai fen 'e sûnde is leedzjen
 't Bringt jim yn des Satans kloer.”

„Wie, eft berch en heuvels skrillen
 't Wie as 't kôkjen fen de sé,
 En de minsken himen, trillen
 Fielden djip it sündewé,
 En hja fregen, near fen binnen :
 „Lizze ús út, hwet moat wy dwaen ?
 Ho scill' wy Gods grime stilje,
 Him wjerhâlde om ús to slaen ?”

En 's profeten eagen glinstren :
 „Lit jimm' sündetsjinjen nei,
 Súvrje jim fen ûnrjuchtdriuwen,
 Set it herte op Goades wei !
 Wündre dingen stean to kommen,
 God scil Syn Biloafde jaen !“
 En hy dope, dy 't him leauden
 Yn it wetter der Jordae.

D' oersten fen it folk der Joaden
 Stean forbjustre en glêd forsein
 Litte freegje: „hwa dôchs bin jy,
 Is jins komst alear foarsein ?
 Binne jy de Kristus mûglik ?
 Mei we yn jo Elias sjen ?“
 „Né“, is 'tandert „k bin Gods stimme
 'k Siz, hwet komt, oan Isrels bern.“

„k Sjuch Him al yn 's folks formidden,
 Him de Hege yn earme klean,
 'k Bin Syn dimmen-froede tsjinstfeint,
 'k Mei sels yn Syn skaed net stean ;
 'k Bin oerlokkich, det 'k de Heilân,
 Det ik Masters lûd fornim !“
 Ja, hy seach de Langforwachte
 En de Doper doopte ek Him.

Ut de hege himmelseale
 Saeide foar Johannes each
 As in dou de Heilige Geast del,
 — Seinjend bidde er do 't er 't seach! —
 Machtich klonk de Keningstimme
 Fen Dy 't sit op d' ivge troan :
 „k Haw yn Him Myn wolbihagen,
 Harkje nei Myn ljeave Soan !“

Né Johannes scil net trure
 As syn oanhang mindreseart,
 „Jongren“ — seit er — „ik forbliidzje
 My yn 't klimmen fen Syn steat,
 Hy is 't Laem fen God ús tastjûrd,
 Det ús sünden op Him naem,

Det des minskdoms wounen hilet,
 Det om hjir to goeddwaen kaem.

* *

Yn 'e tsjustre finznishoale
 Mei in izren keatling boun,
 Leit de trouwe Godsgesante,
 En hy stoaret wyld yn 't roun :
 Hat hy den net trou syn plicht dien,
 Do 't hy oan Heroades sei :
 „Mei Jins tsjuster hanlen kom jy
 Gods en 's minsken ear to nei ?“

Kin Jehova him for jitte ?
 Lit de Heilige Syn profeet
 Hjir forkwine yn lichemspene,
 Hjir forslaen yn sieleleed ?
 En is Jezus wol de Kristus,
 Hwêrom helpt Er my den net ?
 O ik kin myn wei net fetsje,
 'k Bin alhiel út myn forset.

En it kôket yn syn binnenst'
 As in woast forbolgen' sé ;
 Yn syn twiiv'ljen leit syn lijen,
 't Lytsgeloaf nimt sielefre.
 „Freegje,“ hjit er oan syn jongren,
 „Freegje oan Jezus ef Hy is,
 Dy 't oan 't folk forlossing dwaen scil.
 Nei der Skrift ûnthjittenis.“

„Siz Johannes,“ sprekt de Heilân,
 „Hwet jim sjugge en ho 't Ik lear;
 Deaden libje, stommen sprekke,
 Blinen sjugge it deiljocht klear.“
 En des Dopers snokkrjend herte
 Grypte it heilsfyt mear en mear :
 Jezus is gjin ierdske Kening,
 Mar de greate Sielehear.

* *

Yn 't paleis fen d' Iduméér,
 It mei skatten optúgd hûs,
 Fiert men lufthic 's Kenings jierdei,
 Gûnzet lûd it feestgerûs,
 Galmt men oer Heroades bêstens;
 En al rédder streamt it bloed,
 Wylder spat it fjûr út d' eagen,
 Heger kliuwt it dronkaertsmoed.

Yn 't paleis fol sündetsjinders,
 Dounset ûnbiskromme in faem,
 't Is Salome, hwaem de sûnde
 Alle frouljuesskamte ûntnaem;
 Byfalsgjalpen daevrje gysten:
 „Hei! hwet prûzich, dit slacht yn,”
 En de Kening docht ûnthjittings
 Yn 'e hetse fen 'e wyn.

't Jûcht yn 't keingeninneherte:
 Langernôch hat hy my stien
 Langernôch my dryst fakseare
 Nou is 't den mei gauwens dien.
 „Freegje,” seit se, „'s Dopers holle,
 'k Haw myn slach den einlings stein!”
 - - Wylst de wrâld yn dwylsang losbarst
 Komt de fromme aan 't droavich ein.

**

Ut de mûle fen 'e Heilân
 Klinkt it oer Johannes steat:
 „Dizze wie de heilbazunder
 Boppe de profeten great
 Ja hy wie des Hearen Ingel
 Yn it Godswird lang foarsein,
 Yn 'e krêften fen Elias
 Is hy foar My hinne tein.”

A. WYBENGA.

Us bargemotsjebeam.

Nou haw 'k dy wer neisjoen, myn âlde,
 Dyn al to oerdwealskens bisnoeid,
 Dyn stamme en dyn tûken wer skrobbe
 En ûnrant en moasgûd toroed.

Ik moast dy hwet sear dwaen, myn âlde,
 Oars kaemstû gau oer, waerdst' oerstjûr,
 Forhoutkankerst', krygst' wylde leaten,
 Den joechst' ek dyn dragen ring oer.

Nou bist' wer sa jeuchlik, myn âlde,
 Nou gietste sa glêd en sa moai
 De nochtjaende maitiid tomjitte,
 En den biste in breid lyk yn toai.

Dyn blomkjen! — ja 'k mei op dy romje!
 As maitiidske wasem dy roert
 Stietst suver ynblank yn 'e bloesem,
 Den dochste myn eagen sa goed.

Dyn par-jaen! — dû biste to priizgjen,
 My smakket dyn lekkere kost,
 'k Wie noch mar in ljeaflytse beuker,
 Do gyng 'k oan dyn frucht al to gast.

En letter, do 'k ierappels dolde
 En wrotte en rjue wraemde yn 'e groun,
 Haw faek yn it piipskoft dyn „motsjes“
 Forswietsjen fen 't drokwêzen jown.

Tinkste ek wolris nei oer de wille
 En 't nocht fen dy simmerske joun?
 It sintsje geat goudene strielen
 Sa blier oer de dauwjende groun.

Wy boarten by dy mei ús seizen,
 Fen feinten en fammen de helt;
 Wy fochten sabearre om dyn parren,
 Wy wrakslen, —mar net mei gewelt!

Wy ieten en mûzzen en laken, —
Us hert wie sa ynlikken' bliid,
Fen maitiidsnocht triljende wille,
Do wier it ús goudene tiid.

Ik moat dy hwet moeiliks fortelle :
Dy faem mei det roasreade wang
Sjuchst noait wer, — hj' is nou al tohôf brocht,
Siz, wirdt it dyn herte net bang ?

Do al wie dy kreaze net suver,
Faek doocht net, hwet moai oan ús skynt,
Allyk mannich bloesem fen dines
Dêr 't inerlyk ûnrant oan slynt.

Myn beamke, dy lyk binn' we yn folle,
Wy moatte ek bikappe en bisnoeid ;
Wy jowe in heap wirk oan ús Túnman,
Hwent wy binn' sa krûm en forgroeid.

Mar bistû blank, yngeef fen binnen,
Wy binne yn ús wêzen trochswart,
Wy sjitte yn ús sünden tekankre
Yn alles ûneindich to koart.

Wy sitte fol geizige útrinsels,
Us fruchten fâlle ûnfolslein of,
Wy langje forplante to warden,
To dragen yn 't himmelske hôf.

A. WYBENGA.

De Sékobben.

De hjerst is wer harren
Mei slinend fortarren.
Nou diizje de dampen oer 't dodzjende lân ;
Hwér 't simmernocht sige
En hjerstploaitse fortige
Stjûrt ploechfeint syn ris nou mei doelfête hân.

It blank-blinkend izer
Derset nei de wizer
Snijt foerge by foerge yn 'e fetlike klaei,
De silen hahuve
De plochgudsen snuve
Hja witte yn 'e strengen hjar kreften sa taei.

Deun efter de ploege
Is 't suver birûge.
Fen fûgels, op wjirmen en fjildmûzen út.
Hja kêklje en hja kraeije
Hja swinke en hja swaeije
En wyndrje om de ploeger âl iesjend op bút.

't Bin' sékobben; kloften
Swiere del út 'e loften,
En graeije hjar groet oan 'e griemrige groun,
Hja binne op ús kluten
Net skou, fier fen skruten,
Mar sliere oer hjar tafel sa derten yn 't roun.

Mar net to bisjitten
Binn' se op 't net-to-mjitten
't Al gromjende, skomjende en plomjende wiet ;
Dêr polskje hjar sinnen
Fen 't wide to minnen,
Dêr is 't eft de sé sels syn sin yn hjar smiet !

O, sjuch se der swaeijen
Wyld tommljen en draeijen !
Nou stean se as toppen rjucht oan tsjin 'e wyn ;
Dén fleindich forsjittend
De weagen oermjittend
Mei rimpene wjukslach en kriesend gegrynn.

En hjir op ús lânnen
Omset as mei hânnen
Hja wike for 't ploechspan mar kwealk út 'e wei,
Hjir hipkje se rintsjes
Sa njuet as de hintsjes
En pandrje de ploeger, hjar frjeon, efternei.

'k Oanbidde yn hjar njuetheit
 Gods wûndere goedheit,
 Hy liedt ek de fûgels en wiist se hjar baen :
 Wy hawwe fen noaden
 Syn hillige boaden,
 Hja komme nei 't kustlân om goed hjir to dwaen.

Sa wit ek Gods Geaste
 De ûndogenst'-forkeardste
 To bûgen, to setten nei Godlike wil,
 Yn 't herte to reitsjen
 Syn tsjinder to meitsjen,
 It wylde en ûndambre wirdt fredich en stil.

A. WYBENGA.

Dat mûtel jong fanke.

Ik ken hjir in fanke sa kreas en sa kwier,
 Mei lipkes sa read en in swart boskje hier,
 Mei kleur yn 'e wankjes as málke en bloed,
 Mei eachjes dy 't sprekke fen libben en gioed,
 Mei toskjes moai geef en sa wyt man as kryt;
 't Is hast net to sizzen hwet 'k mear fen hjar wyt!
 Det mûtel jong fanke fen tûzen wike âld....
 O, 't is hjir myn ingel.... myn ljeafste op 'e wrâld !

Hja is yn myn eagen in sinne fol glâns ;
 Hja is yn myn tinken wis nacht en dei lâns ;
 Hja sieddet myn lok, en hja struit en forspraedt
 Hjar fruchten fen mienende ljeafde op myn paed.
 Hja bloeit yn myn herte ; hja skûlet by my —
 Al is hja hjir milen fendenne O, fij ! —
 Det mûtel jong fanke fen tûzen wike âld....
 O, 't is hjir myn ingel.... myn ljeafste op 'e wrâld !

Ik moat hjar oanbiede — dêr wyk ik net ou —
 De hân en biswarring fen ljeafde en trou !
 Mei hjar moat ik libje hwent oars, ik forkwyn
 Gean 'k net mei det fanke it libben strak yn !

18 Wol hat de Heare my tichtige, mar hy hat my net ta de dead oerjown.

19 Iepenje my de poarten der gerjuchtichheit : ik scil troch hjar yntsjen, ik scil de Heare loovje.

20 Dit is des Heare poarte, dêr de rjuchtfeardigen yntsjen scille.

21 Ik scil jo loovje, fordet jo my forheard habbe, en my ta bifrijinge wést habbe.

22 De stien, dy de bouljue forwirpen hienen, is ta in slútstien warden;

23 dat is fen de Heare bard, en it is wûnder yn ús eagen.

24 Dit is de dei, dy 't fen de Heare makke waerd : lit ús dêrop forhûge en forbliid wêze.

25 Och Heare, jow nou lok ; och Heare, jow nou wolter !

26 Seinge is hy, dy dêr komt yn des Heare namme ! wy seingje jimme út des Heare hûs.

27 De Heare is God, en hy hat ús ljocht jown. Bine it feestoffer mei touwen aan de hoarnen fen it alter.

28 Jo binne myn God, dêrom scil ik jo loovje ; o myn God, ik scil jo forheegje

29 Loovje de Heare, hwent hy is goed ; hwent syn goedginstigens dûrret yn ivichheit.

Maert 1913.

G. P. en P. d. C.

Psalm C.

Júch ierdryk ! bring nou lof en ear
 Yn blidens oan ús God en Hear !
 Hwent Him to priizgjen is sa swiet,
 Kom foar Syn troan mei lof en liet !

De Heare is God, de Heare is great,
 Hy sette ús yn ús hege steat ;
 Hy jowt it oan syn folk sa skoan
 En nimt ús ta Syn skiepkes oan.

Bring yn Syn poarten, bring Him tank
 Mei lofsang, mei basuneklank !

Wy priizgje Him for Syn biwáld,
Syn namme is great oer hiel de wráld !

Us grote Heare is myld en rij,
Hy bliuwt al d' ieuwen troch ús by,
Hy hat Syn goedens iepenlein,
Syn trou is great en nimt nin ein.

A. WYBENGA.

Psalm CXXXI.

O Hear ! Jy witte it fen myn hert
Heech en nei 't hege steande is 't net,
Jy witte it fen myn dimmen each
Ho 't jimmer nei Jins wündren seach.

Ik fierde net in hege steat :
Ik wânlé net yn hwet to great
To wunder for Jins tsjinstfeint wie
Omdet Ik Jo yn 't herte hie.

Haw ik myn siel en sinnen net
Stil hâlden en nei 't goede set ?
Hja hat hjar hiel yn Jo forlern,
Is rëstich as in ófwend bern.

Bliuw hoopjend, Isrel ! hâlder moed,
Dyn Heare is for Syn ginstdfolk goed !
Fortrouwe op alles hwet Er seit,
Hy is ús stipe yn ivichheit !

A. WYBENGA.

Gesang XXII.

Rést myn siel, dyn God is Kening !
Hâlder moed by hwet dy met,
Alles wijslet op Syn winken,
Mar Hy sels foroaret net.

Ider jaget nei foroaring,
Winsket wei hwet lang bistie,
Longret nei hwet moarn ús jaen scil,
Freget wer hwet jister wie.

Rést myn siel, dyn God is Kening,
Hy bistjûrt, Hy skikt dy 't lot,
Fyn dyn stipe by al 't wijslen
Yn dyn Heilán, yn dyn God.

A. WYBENGA.

Jountiidsliet.

(Gesang 180).

'k Wol Jo, o God ! myn tank bitelje,
Lofsjonge yn myn jountiidsliet,
It sinljocht mei yn 't westen sinke,
Jo bliuw' myn ljocht yn súr en swiet ;
Jo woe'n my mei Jins ginst omfetsje,
Jo soargen as in Heit foar my,
En fen 'e moarne ta de joune,
Wier'n Jo my segenjend neiby.

Jo haww' ek fierders foar my soarge,
My foede en ditsen ek mei klean,
Jo woe'n yn lij'en my biwarje,
Jo haww' my treat yn drôfnis bean ;
De jountiid rôpt my nei myn soargen ;
Ta lichemsrêst en sielefré,
O tank ! hwent fen 'e iere moarntiid,
Foun 'k Jo ta helpen altiid ré !

Tank Heare ! tank for dy genade,
Fortsjinn' ik soks, ik sondaer ? né !
Woe'n Jo nei 't kweade mei my rjuchtsje
'k Foun yn myn eangstme wis gjin sté ;
Mar né ! ik mei, ik wol net eangje,
Jo sprekke frij om Jezus bloed,
Dit kin 't forbûke hert genêze,
Dit jowt by rou en skild wer moed.

dûbelde rinte werom. Derby wist er nou better as oait,
det goeddwaen in segen meibringt.

G. A. WUMKES.

De dyk tilt.

Oer 't blierzjend ierdryk skynt de goudne sinne,
Foarby is 't stoarmgerûs, it skrokke, it skrille,
De groun stiet optein oer it maitiidstille,
It lamke hipket oer 'e griene finne.

It Ijurkje sjongt it út fen keine wille ;
't Lân trillet, 't is eft d' ikkers swypkje kinne
De greiden skolperjende weagen binne ;
De húzen riizje omheech, de diken tille.

De swide sé yn minskne parken set,
Sjongt nou sa noflik 't sangrich minneliet,
En aeit syn groet oan 't âlde Fryske strân ;

Hjoed hawwe sé en lân elkoarren met,
It prúzich pear skouwt boartlík oer 'e miet,
Sé-brêgeman is ien mei 't weagjend lân !

De maitiid kaem, en 't tilt my yn myn siele
O 'k trilje fen al 't heil det God my stjûrde
'k Moat sjonge om 't Hy me oerweage mei it goede,
De stoarm is oer, 'k maei heilge frede fiele.

't Wie my sa faken near, sa eang to moede,
't Is nou my goed, myn God wol my skewiele,
Ik wird fen ginst en fen genade omstriele,
Al bliuwt fen folle kwea in slimme groede.

Det Jezus 't krúshout droech is me ienge treast,
In treast dy 't my nei 's libbens hichten liedt.
In heil, hwêrnei ik lange tiden socht ;

Mei 'n each, ûntditsen fen Gods Heilge Geast
Tilt my de dyk, dy 't dea en libben skiedt,
Skôgje ik de sé fen 't ivich libbensljocht.

A. WYBENGA.

Nou leau ik, dat God ús Friesen ek wekket om it gewicht fen ús wird, ús tael en, hwa wit, ek ien kear fen ús swird yn 'e skealjes to smiten.

De bazún fen God hat ús al wekker blyzen.

Ut de dea stienien wy op. Lang hawwe wy slommere. Nou doare wy wer Frysk, wer boersk skriuwe en lèze en sprekke. Dat is in teiken des tids, dat sa'n âld folk as de Friezen wer syn wrâld-historyskeroppin fijlt.

En hat Dr. Wumkes prachtich de Fryske Réveil skildere, ús tiidsskrift is in tiidsskrift for Fryske kultuer. En ta de Fryske kultuer biheart net allinne de tsjerke en de skoalle, mar ek kinst en wittenskip. Hwa scil ús fortelle fen de Fryske histoarje? Hwa scil fen 'e groun op ús Fryske tael bistudearje? Ik bidoel witten-skippelik. Hwa scil for ús biskriuwe de kroan fen ús Fryske foltsbistean: de Fryske universiteit fen it âlde Frentsjer? Hwa jowt ús in nijje, bywirke, út de nijste bronnen bywirke Fryske skiednisze? Schotanus en Foeke Sjoerds binne âld en forâlderd. Wy moatte wer Fryske professoren en in Fryske akadeemje hawwe.

Friezen, wird wekker.

De nacht is foarby.

Foarút! foarút! hear jinsen yn 'e fierde
Dat jubelliet, dat skille feestgeklang;
Hark! hark, dy toan riist kréftich oer it stierte
En streamet gear, toraent yn d' Inglesang.
De takomst winket. — Kom! de tiid forflucht;
Lit dommens efter; reppe w' ús in 't Ijocht!

Wommels.

DR. J. JANSEN.

For ús Kening.

Nim broerren, nim de wapens,
Mei ûnforsetbre moed,
Striid for ús Greate Kening
For 't heilich, ivich goed!
Stean dreech for 't wier gelove,
En for Gods Wird yn 't spier,

Lit oer jim hollen wapp'rje
De feil'ge krûsbanier.

God is ús hege Skepper
Us greate Souverein,
En wy, 't wirk fen Syn hân, út
It stof der ierde tein.
By Him binne alle folken
Ho great fen steat en tal,
Allyk in dripke yn d' amer,
In stofke yn 't wiid hielal.

Dizze ierde, fen 'e sûnde
Mei 's minsdoms djippe fal,
Troch flok op flok trochstitsen,
Omslein yn jammerdal.
Is Goade eigendomme,
Wy freegje for ús Hear
Fen al hwet ammet, freze
Lof en hertgrounige ear.

Ut Him is 't Ijocht hjir boppe,
Det huppelt oer 'e wrâld,
Him júchje d' inglelieten
Oer Syn alwiis biwâld.
Ho himmelsk is Syn wirkjen,
Ho nommel Syn bifel!
Fâlle ierde foar Syn troane
Yn suvre oanbidding del!

Syn Namme rûst troch d'ieuwen,
Ho wûnder is Syn dwaen!
Hy woe Syn Iepenbiering
Oan earme sûndaers jaen.
O lit ús dêrfor stride,
Det is ús sillich goed,
Det sprekt ús fen forlossing,
Fen frede yn Jezus bloed.

As wy for Jezus kampje
Is ús de Heilân nei,
Hy helpt ús, ho bihyplik
Us tastân lykje mei.

Wy bûgje djip de knibbels,
Woll' Goade d' eare jaen
As Hy ús sterkte en krêft jowt,
Hwet scille ús minsken dwaen ?

Wy scille fêst oerwinne,
Al is de takomst swart,
Al mei de fijan skattrje,
Hwet God biloafd hat, bart.
Dré sjugge wy de Sterke,
D' Oerwinder fen de dea !
Dy gouden moarntiid daget,
It wirdt yn 't Easten rea.

A. WYBENGA.

Oanspraak en Opskrift fen Brieven.

<i>Stân of Amt</i>	<i>Oanspraak.</i>	<i>Opskrift.</i>
	Mynhear!	Oan de Hear.
	Jiffrou!	Oan de Jiffrou.
Net officieele ljeue	Achte Hear!	Oan de Achte Hear.
	Achte Frou!	Oan de Achte Frou.
Riedsleden	Achtbre Hear!	Oan de Achtbre Hear.
Boargemaster	Rju Achtbre Hear!	Oan de Rju Achtbre Hear.
Statenleden	Tige Achtbre Hear!	Oan de Tige Achtbre Hear.
Gouverneur	Heech Achtbre Hear!	Oan de Heech Achtbre Hear.
Geastlikene	Earwirdige Hear!	Oan de Earwirdige Hear.
Doctoren yn God- geleardens	Rju Earwirdige Hear!	Oan de Rju Earwirdige Hear.
Doctoren yn Wis- kunde ensf.	Rju Learde Hear!	Oan de Rju Learde Hear Dr.
Rjuchters en abbe- kaeten	Rjuchtkindige Hear!	Oan de Rjuchtkindige Hear Mr.
Prefesters	Heechlearde Hear!	Oan de Heechlearde Hear Prof.
Officieren	Kriichkindige Hear!	Oan de Kriichkindige Hear.
Jonkhear	Eale Hear!	Oan de Eale Hear Jhr.
Baron	Tige Eale Hear!	Oan de Tige Eale Hear Baron.
Greve	Heech Eale Hear!	Oan de Heech Eale Hear Greve.
Prins	Foreare Prins!	Oan Syn Heechheid, Prins fen ...
Keninginne	Jins Majesteit!	Oan Hir Majesteit de Keninginne fen Nederlân.

A.

Hwaens earm it brûjend weachgewelt
Alle ieuwen troch hjar kriten stelt,
Wy freegje: rēd út eangstme en wé
Hjar, dy yn need binne op 'e sé!

As stoarmwyn gūlt troch 't kreakjend want,
It deadseach loert oan eltse kant;
As 't skip den optilt nei omheech,
En den wer delkeild wirdt omleech,
Wy freegje, rēd út eangstme en wé.
Hjar, dy yn need binne op 'e sé!

As swiere mist it skip omtsjucht
It each gjin lân, gjin fjûrtoer sjucht
En 't is, ef 't for de wirrige wacht
Gjin dei wirdt nei de lange nacht.
Wy freegje, rēd út eangstme en wé.
Hjar, dy yn need binne op 'e sé!

As dêr oan 't fierre frjemde strân,
Fier fen it âlde heitelân,
Forlieding sjongt hjar lokjend liet
En mei in laits hjar selskip biedt.
Wy freegje Hear, hear Jo ús bea,
Rēd den de séman fen de dea!

M.

J. S.

Ald - Ropta.

'k Stie op in moaije maitiidsjoun
Op 't âld hûssté, dêr 't Ropta wenne alear,
Fen groejenswillie trille d' âlde groun
't Gjers spoun de maitiids-breidsklean klear.

't Laei dêr sa fredich hinne en goed:
It lytse terpke fen 'e lodde oandien,
De slotgrêft swietsjes weljend oan myn foet
En om de grêft de singel mei syn grien.

'k Stie op 't lyts terpke, yn 't foarge great,
Nou fen 't ierdrollers-ark fordold en dien;

Hja wrotten d' âlde wide kelders bleat
Togrûzlen d' ieuwen lang bidobbe stien.

't Ald slot! — de namme bliwt by 't sté,
Dêr 't ieuwen lyn it machtich Ropta wie,
Det nou gjin slot, gjin beam sels draecht, — o né,
Mar dôchs my wie, eft dêr 't ald Slot noch stie.

En 'k stie wer mids yn d' âlde tiid,
Dy tiid fen fjuechtsjen, baernen, skeel en bloed,
Jin eigen lânsljue 't hert fol haet en niid,
Mar ek fen vrijdom en fen heltemoed.

Do 't Moarre noch gjin Moarre wie,
Noch jong wie d' âlde Mitselwierster toer,
Krekt 't kleaster pronkjend by de kolken stie,
Seach Ropta hjir al greatsk de fjilden oer.

'k Seach wer dy mûrren ieuwen dreech,
Fen âlde-friezen optein, foar my stean,
Hjar gleone toerren riizjen nei omheech;
'k Seach Worp fen Ropta yn syn stielan klean.

'k Seach wer dy poarte blinkend wyt,
Blank as 't abeeljeblêd, wer wie de stins
Fol Roptatsjinders yn hjar bûnt habyt,
Fen sizzen rûch, yn 't fjuchtsjen sûnder lins.

Nou 's alles wei, nou 's 't frede yn 't roun,
En 'k winskje hjir de stins net wer, — o né!
Mar dôchs — hjir peinzje ik yn 'e maitiidsjoun,
En dôchs — de Roptanamme bliwt by 't sté.

A. WYBENGA.

Efter Wetsens.

't Walmet oer de lege lânnen,
't Ljurkje sjongt omheech sa skoan.
'k Sjuch de pinksterblommen roeikjen
Maitiid bringt de kreazens oan.

Efter Wetsens sjongt de wille
 Fen gjin drok-bidriuw bilet.
 Dér 't hast nea gjin minsken komme
 Is 't my frij en rom om 't hert.

Alde kunde is my d'âld hikke
 Dér 't de skries syn grito geit,
 Dér 't de tjirk om hinne svevet
 Mei 't wyld eintsje 'er by yn 't reit.

Kunders bin dy rûge sompen
 Yn 'e flotgêrs-moddersleat,
 Mei de griene wetterljurken
 Healwys yn it flach biteard.

't Wie my nocht yn dizze fjilden,
 Moast ik faek ek drok yn 't spier;
 Wie 'k hjir oan 'e lodde en foarke
 Ef de seine ek moarns hiel ier.

Laei ik eft'r 'e skûl to râsten
 'k Dikre den de mieden oer
 Nei it lytse, neasge doarpke
 Mei syn tsjerkje súnder toer.

Iensem op 't ôfgnobbe terpke
 As in bidler skrousk en hean
 Trurend om forfleine greatens
 Seach ik 't skiere tsjerkje stean.

Yn det ieuwen-âlde Godshûs
 Sieten pake en beppe alear
 Dêrym droegen my myn âlders
 Ienmal op oan 'e Opperhear.

Letter twisken heit en mem yn
 Gyng 't breed lykpaed op it bern
 Om nei dominy to harkjen
 En . . . nei 't âld grien rût to sjen.

Wetsens! nuver leist der hinne,
 Hast fetsoen en bûrren brek,
 't Is, eft skodden hjir de reuzen
 D' âlde stjelpkes út 'e sek.

As in lange, lange line
 Leit de spoarbaen by dy lâns,
 Troch de greide-harmonije
 Krast en gûlt 't treingegrâns.

Dôchs bist ljeaf me, ek as de hjerstwyne
 't Wetter oer it leech lân fier,
 As de flakte yn sinnlocht weaget
 Dér de kobbe oer hinne sliert.

As de winteramme oer 't gea strykt
 Kjeld en snie en iis ús jowt,
 Is dy flakte in glêdde spegel
 Den is 't rideen ring bitroud.

Wy forgeaten braek en bûthûs
 Teagen nei de flakte ta,
 Baentsjerieden en miraeklen
 En formakken ús hjir sa.

O, dy moaije stjirrejounen
 Tichte by in Wetz'mer „hja“,
 'k Scil de wille noait forjitte
 Dy 't wy hjir wol smakke ha'.

'k Jow net folle om wrâldske útwrydskens,
 'k Fiel my hjir yn myn forset,
 Ljeaf binn' my de griene fjilden,
 Ik bliuw Wetsumer yn 't hert.

A. WIJBENGHA.

De koukes yn 't nijje gjers.

Frij noi G. Gezelle.

Langernôch op 't âlde stâl stien,
 Kôge en dien op 't droege hea,
 Langernôch oan 't keatling sitten,
 Rek jim, skodzje jim de lea,
 Hoarnfê, jim kinn' wille ha',
 Gjers wiuwt fol fen nocht jim ta.

Wol jim om jimm' kleijen aeijs,
Lit jim yn hjar griende baeije ;
Nou ris speakje, drave en rinne,
Snjittich flitterje oer 'e finne !

O de weelde leit yn 't frije,
Yn 'e smoute sudewyn !
Wiid ha' hja de noasters iepen,
Amje hja de myldens yn !
'k Sjuch se tyskjen hinne en wer
Gysten happend hjir en dêr.
Nou in mûlfol gjers omleech wei
Den in swolge locht omheech wei;
En oer al dy wille hinne
Skynt de goudne wille-sinne !

'k Sjuch se mei hjar gleon-greate eagen,
D' earen tyskjend, snuvend stean, —
En der mijtte se wer hinne
Oer 'e kearen, skrank en skean.
Starichoan bidarje hja,
Utflein wenne hja der ta
Om de kost yn 't gjers to finen,
Om dy skatten sa to binen
Det wy minsken, sùnder lijen
Dy mar hawwe for it krijen.

Hen, der steane s' yn 'e yester,
'k Hear it noegjend „moe“-gerop :
Kouke, prykje dy dyn ûren,
Doch mar tiid, 'k nim 't jûk al op.
Amer nim 'k en toelle, en kom, —
— Ringen driuwt it witte skom
Brûzjend oer 'e swiete molke, —
— 'k Moat myn glêdde bûnte stalke
Efkes for hjar jeft noch strike,
Earder wol s' út 't sté net wike.

Hwet binne ús al greate skatten
Yn dy goede bisten jown,
Dy 't for my en 't wyfke 't fiedsel
Ryklik ploitse fen 'e groun ;
O dy sêfte, njuete kij

Binn' sa goederjowsk en rij,
'k Tankje God for al it goede
Det Hy yn ús fé ús stjûerde ;
Heare ! lit me aloan bitinke
Ho 't J' ús alles ryklik skinke.

A. WYBENGA.

It giet foarby.

Ja, 't giet foarby ús koarte libben,
Mei nocht en wille, soarch en leed !
Lyk as de blommen teist're wirde
Troch stoarm en onwaer, kâld en wreed ;
Lyk as de giele blêdden hjerstmis
Mekoarren stowe efternei,
Om hûs en hiem derhinne waeije,
Sa fâlle ek de minsken wei.

Wy wirde sauntich ek wol tachtich, .
Soms kin de grins noch heger gean,
Mar dochs ! wy sjugge oan d' ein fen 't libben,
De wreede dead wis ! foar ús stean,
Hwent hwat-for libbenstiid wy krije,
't Rint fen 'e widze nei it grêf,
En giet de deads stoarm oer ús hinne,
Wy stowe foar him wei as tsjef !

Mar sjuch ! lyk as by 't stoarmen-rûzjen,
De sterke beammen yn it wâld,
Faek earder noch forbritsen wirde,
Dan oaren, ek al binn' hja âld ;
Sa fâlt ek yn 'e krêft fen 't libben,
Noch mannich minske earder wei,
Dan dy 't wy onder d' âlden telle,
En sauntich, tachtich wirde mei !

Lyk as de jonge beammen groeije,
En nuver pronkje mei hjar grien,
Mar soms ek onforhoeds forkwine
En stjerre, fen hjar pronk ontdien ;

Dy 't by ús bliuwt, ús ek biwarret
 Yn deadsnacht en yn tsjaternis;
 Wy reisgje foart yn dit gelove,
 Mei hoop for tiid en ivichheit,
 Neat scil ús fen Gods ljeafde skiede,
 Omdat dy fêst yn Christus leit!

J. FEN DONIA.

Sêfte koelte.

Einlings rekke den alle drokte oan kant. De lêste bûsinters, in omke en moaike fen fierrens, dy 't de nacht oerbleaun wiernen, stieken ôf en it jonge pear wie allinne yn 'e kreaze wente. Ja it mocht in kreas spiltsje hiette dêr 't Hidde en Saepke op komme wiernen, in foech fiiftsien pounsmiet lân mei in net to lyts stjelpke der op; Hidde mocht der greatsk op wêze, det sines neame to kinnen. Mocht er hwet segen hawwe, den koe him det in goed stik brea opbringe. En den syn mûtel jong wyfke, dêr 't er al lang om stikke hie, wie nou sines foar altyd. Hidde hie der wissichheit fen, det hja mei hjar fiks sin en hjar flinke hânnen oan 't liif, by sounwêzen him stypje scoe, safolle as se koe. Wis der scoene net folle wêze, dy 't oan dizze jongeljue ta kaemen. En Saepke wie ek alhiel yn 't skik mei hjar kante jongkeardel. Hy hie ommers altyd sa'n sêftsedige, golle jonge west, noait oerabwealsk, mar dimmen en biskieden op in goed wird lizzend by 't jongfolk, dêrby bidield mei in skrander holwirk.

„Einlings togearre,“ lûstert hy, en lukt hjar kreaze holke deun tsjin him oan, „lokkige dageu wierne it dizze lêsten, mar ik bin nou dôchs noch lokkiger mei dy allinne, as mei al dy drokte om yen hinne.“

„Nou dû moatst dy nou goed hâlde, oars scil 'k dy wol ris in tobeksetter jaen moatte,“ giimket sy.

„En ik bin noadich hwet op dy ta to sjen, oars scoe 't mei dy tominsten wol ringen in forkearde kant opgean.“

„Nou,“ lit er der earnstiger oerhinne folgje, „gean wy den dôchs in moaije tiid tomiette, en as wy hwet segen fen Boppen hawwe meijke, leit der in ynlokkich libben

foar ús. Segen fen Boppen fanke, dêr hastú dôchs ek wol om tocht, nou?"

Hjar brune eagen glinsterje. Jawis, hja hat bidden ek for him, en ek de seagen des Heeren oer hjar houlik frege, mar faken hawwe se der net oer praten, 't binne teare saeken. Hja leaut wol det Hidde siijkende is, lyk as sysels, mar hawwe se ek foun? En dôchs hjar langst-me is jimmer nei it goede.

"De segen des Heeren makket ryk, seit it Wird, en dêr moatte wy ús byhâlde," lustert hy mei oandwaening, en hja fielt hjar noch safollesto lokkiger by dy feardige man, hjar man, dy 't bilydt det it fen Boppen komme moat.

En de jounsinne, dy 't troch it finster kipet jiet hjar goudene strielen oer twa jeuchlike minskebern, dy hjar ien witte nei 't ierdske, ja mar ek yn it stribjen nei hegere dingen.

't Wirdt tiid for it jounmiel. Al sa starichoan hellet it wylke it itensris by elkoar. Wylst sjucht Hidde it finster út nei de griene finne, dêr 't de kealtsjes fleurich hipkjend mei elkoar boartsje. Byld fen lok ek dêr. En dôchs,.... is 't net krekt eft de man syn eagen stuif op ien punt hâldt, sùnder it moaije fen 'e maitiidsgroun to sjen. Nuver, dêr wie 't wer, det him al safolle hollebrekken koste hie, det hy faken oan 'e side rearde, en det noait net rjucht wike woe. Altyd alweroan dy niteljende tinzen.

Opfied by de Skrift, hied er al yn 'e iere jeugd witten oan it heil yn Jezus, ja hy wist it him noch skoan to binnen to bringen, ho 't hy sa fêst fortrouwend syn gebet, fen mem him leard, opsei, det hy sa fêst, sa bernlik gerêst dy grote God syn Heit neamde en Him alles sei, hwet yn syn berneherte omgyng. Sa wie 't al, do 't er nei skoalle gyng, en letter as jongfeintsje wie er al sa fêst west yn det gelove. Det wie in nochlike tiid west; — ja hy hie 't hawn, det er sa'n langstme hie nei dy moaije himmel, nei 't nije Jeruzalim mei de gouden strietten, det hy hjar wol wei wolle scoe.

Mar do kaemen de forsikingen. Fen twa-trije kanten tagelyk. As der nou ris net in God en gjin himmel is, lyk as de neat-leauwers sizze, wer woestû den mei dyn hope hinne? Hy wist noch noait ho 't it sa kommen wie, mar it wier ris op ienkear bard, det dy tins him samar oanflein wie, en dy koed er insliks noait wer alhiel kwyt

wirde. As alles samar fensels der kommen is, lyk as de wraldwizen sizze, hwer keart den it gelove?

En as der neat is, lûstere it yn syn herte, nim den hjar dyn part der ek fen, dû bist jong, dû kinst by de fammen dyn wird wol dwaen, ploaits de blommen dy 't der bloeije, ear 't de goudne tiid forgiet, — en howol er him nea net út 'e foegen to bûten gien wie, dôchs hie er der mar op ta libbe, ynwindich ûnrestich, mar dy fiterjende stimme ôf-paikjende mei plezier to meitsjen en yn 'e boeken syn fortier to siijken. Jimmer hie er der in poarsje fen hâlden om kennisse op to dwaen en yn 'e âlde histoarjes om to sneupen.

Ek fen dy kant wie de forsikinge kommen, hwent om syn fiks forstân stie er heech aan by de Jongfeinten en yn syn herte waerd er greatsk op syn bitûftens. In oar scoe him det neijaen, mar hy-sels wist det wol tige. Sa hied er foartlibbe, tiden oanien, nei it tinken fen 'e doarpsljue in soantsje fen 't lok, mar inerlyk it rjuchte, det him as bern ta wille west hie, missende.

Letter wist er wol mei syn forstân to biriddenearjen, det der in Skepper en Underhâlder fen 't hielal wêze moaste, mar it each fen dy God skynde net oer him, twiske him en syn Heit-fen-eren hongen tsjûke wolkens. Do wied er mei Saepke oan 'e slach rekke, det kreaze en blierhertige fanke, en o, lokkige ûren hied er oan hjar side trochbrocht, binammen jouns as de stjirkes oan it himmelfjild flikkeren, de dauwe oer de lânnen dreau en de beaummen yn stille rêt dêr boppe út kipen, en hy hjar nei hûs ta brochte, dêr nei 't mounlehûs in heal tiif minuten bûten de bûrren, — de ierdske ljeafde hie de langst-me nei it hegere tobekdreaun. Do wie de drokte fen it plaksiikjen en it trouwen déroerhinne kommen.

Nou ta rêt kommen yn eigen wente brocht er it him yn, ho 't hy hjar ek as pryster foargean moaste yn gebet en koed er dit werklik? Hied er himsels en Saepke mar hwet wysmakke? Moast er den net op de wei wêze? Scoe immen lyk as hy, dy safolle en sa faek twivele hie, en dy 't sa'n poarsje dagen trochbrocht hie sùnder sin for it hegere det mei in oprjucht herte dwaen kinne?

"Skilt der hwet oan mei dy?" Saepke frage makket in ein oan syn mimerderij.

"Ungelyk host' it nimme woeste," stammerjend komt it der út, „mar ik tochte, ho scoestû der oer tinke, wy

moatte in kristlik húslík libben liede, — as wy it lûde bidden ynferden?“

Hjar eagen glinsterje. Sij hie it him net freegje doarren, hy wie ommers de man, mar dôchs det kâlde „hânnen-gear“ scoe hjar net oanstien hawwe. „Tige myn mantsje, heit docht it ek altyd,“ en it komt hjar to binnen, det hja by al hjar famme dertenens jimmer earnstige tinzen by hjar opkommen field hie, as heit sa ynlik de segen for it húsgeszin frege. It docht hjar sa goed, det det nou ek sa yn hjar hûs sa wêze scil, en det hjar man nou sa'n bidder wirdt.

„Ja mar,“ hy wer, „ik bin lang sa'n kristen net as dyn heit, ik ha dy wolris blike littin det it mei my ynwindich lang net altyd sa stil is as op dit stuit yn 'e natûr, in fris grien fjild mei in séft koeltsje út it suden, dêrom seach ik der altyd sa tsjin aan om hjur oer to biginnen, wy moatte ek wier bliuwe.“

„Wis, mar heit seit det de Heare om syn segen for alles frege wirde wol.“

Efkess is 't stil yn 'e keamer. Hja slute de eagen en mei earbiedenisce trillet it fen Hidde lippen: „Us Heit, Dy 't yn it Hege troanet, mar Dy 't ek tichte by ús is en yn ús wernet, wy Jins ûnwirdige skepsels búge ús foar Jins genadetroan om mei tanksizzingen Jou Namme great to meitsjen en Jins antlit mei gebet to siikjen. Help ús derta en lizze de rjuchte werden ús yn 'e mûle.“ —

Wûnder is 't mei Hidde. Dêr is 't wer, detselde ynlike, det er sa lang mist hie, mar hilliger, suverder is 't wer oer him komd; hy sjucht wer dûdlik en klear it each fen syn Himmelheit, hy fielt, hy fortrouw, hy wit dat der in God is, dy 't mei Syn genadestimme yn syn binneste him de frede ta ammet, det dy God syn God is, en hy Him yn Jezus as syn Heit tasprekke mei. Fol heilige sielewille en sillige himmelnacht kin er nou it gebet útbringje en de werden weagje fen syn lippen. De Heilige Geast, de Geast der genade en der gebeden sprekt yn him en troch him.

Saepke is ek alhiel oandien en nei 't it Amen útspritsen is bliuwe hja in toarntsje yn rest sitten, stil yn hjar opnimmend it greate lok, det peinzjende oer hjar beide kommen is.

Do 't dy joune it jonge pear noch efkes bûtendoar it each oer 'e griene fjilden gean liet, en de lêste sinne-

strielen it ierdryk ôfskiesgroeten taboartten, sei Hidde it hjar: „It wie, eft in heilige úntroeringe oer my kaem, en alle bilitsenens foar myn eagen weinommen waerd, ik fielde Him en Syn frede saeide del yn myn herte. Syn getugenis spriek yn my, nou wit ik, det Hy forheart en ek ta my, Syn faek ôfwykjend bern, Him delbügje wol.“

„O ik bin ek sa lokkich,“ wie alles hwet hja uterje koe. En it maitiids-jounrea omstriele it nei lichem en siel for-iene pear.

FETSE GREIDEMA.

Boekskôging.

O. S. A (KKERMAN).

IN JOUNPRAETSJE BY BAES SMID.

Fryske Samenspraak.

Utzown by O. MONSMA to Aldeboarn.

Nou de winter wer yn it lân komt en ús jongfeinte-arbeiders- en ûnthâldersforienings hjarren ré meitsje om jierfeest to hâlden, kin ik hjarren dizze samenspraak sen Akkerman oanpriizje. Dit jounspraet by Baes Smid is sa út it libben, rint sa glêd fen 'e tried en hat sa'n drege les, dat elts der mei nocht en wille nei harkje scil. Lyk as wy dat fen Akkerman wend binne boartsje earnst en koartswyl hjur troch inoar. Forienings, wol regaed slaen op dit petear! Jimme scille der gjin spyt fen hawwe.

W.

Setskipnijss.

Priissprekken. Op de wirklyst fen 'e foarige algemiene gearkomste wie troch de hear M. S. E. Visser fen Britsum in fraech oanbrocht, ef it selskip for 'e twade Krystdei gjin priissprekken útskriuwe koe, lyk as it for twade Pinksterdei priissjongan útskriuwt. It haedbistjür hie dêrby to kennen jown, dat it dêr wol foar wie. Op 'e algemiene gearkomste sels foel it yn goede ierde, ûnderskate leden